

Tekst 1

- 1p 1 De ynliding is yn de 'ik-foarm' skreaun.
Wa is dy 'ik'?
- A de baaljemeiwurker fan Omrop Fryslân
 - B de meiwurker fan de buroredaksje
 - C de programmamakker fan HEA!
 - D de skriuwer fan it artikel
- 1p 2 Wat is de funksje fan de ynliding fan dizze tekst?
- A in gearfetting fan de tekst
 - B in yntroduksje fan Janko Krist
 - C in yntroduksje fan it programma HEA!
 - D in presintaasje fan it ûnderwerp
- 1p 3 'Dy minsken....' (r. 12)
Wa wurde dêr mei bedoeld?
- A de buroredakteuren fan HEA!
 - B de ynformanten fan de ferskate lokale blêden
 - C de sjoggers fan HEA!, dy't tips trochjouwe
 - D de sjoggers fan HEA! en de ynformanten fan de blêden
- 1p 4 'Sa wie ... droege-plantesamling' (r. 28-29)
Wat jout it sinjaalwurd 'Sa' oan?
- A der folget in foarbyld
 - B der folget in gefolch
 - C der folget in mooglikheid
 - D der folget in oarsaak
- 1p 5 'Ik krij bylden te sjen' (r. 50)
Watfoar bylden binne dat?
- A bylden út in eardere ôflevering fan HEA!
 - B bylden út in nije ôflevering fan HEA!
 - C opnamebylden dy't hast hielendal klear binne
 - D opnamebylden dy't noch fierder bewurke wurde moatte
- 1p 6 Wat past as kopke it bêste boppe alinea 4?
- A Byldmateriaal
 - B Einmontaazje
 - C Kamerawurk
 - D Passende muzyk

- 1p **7** Alinea 3, 4 en 5 steane net yn in gronologyske folchoarder.
Hokker folchoarder soe wat it opnameproses fan HEA! oangiet better wêze?
A alinea 3, alinea 5, alinea 4
B alinea 4, alinea 5, alinea 3
C alinea 4, alinea 3, alinea 5
D alinea 5, alinea 3, alinea 4
E alinea 5, alinea 4, alinea 3

- 2p **8** 'moaie opnamesas 'tuskenshots' brûke kinne.' (r. 100-101)
→ Watfoar twa funksjes hawwe dy 'tuskenshots'?
Helje dyn antwurd út alinea 5 en brûk net mear as 10 wurden.

*Lês ûndersteande ynformaasje foar it beantwurdzjen fan de fragen 9 en 10.
Yn alinea 2 en yn alinea 6 wurde taken fan de buroredaksje neamd.*

- 1p **9** Hokker taak wurdt yn alinea 2 neamd?

- 1p **10** Hokker taak wurdt yn alinea 6 neamd?

- 1p **11** 'Bloedserius die se dat ek noch.' (r. 138-139)
Wat jout dy sin oan?
A Janko Krist begriep dy frou net goed.
B Janko Krist hie dat hielendal net ferwachte.
C Janko Krist hie eins in hekel oan dy frou.
D Janko Krist naam dy frou hiel serius.

- 2p **12** 'Wy sykje ... nijsgjirrige, opfallende en boeiende minsken op' (r. 38-40)
Yn de tekst wurde hjir fjouwer foarbylden fan neamd.
→ Hokker foarbylden binne dat?

- 1p **13** Troch hokker programma hat Janko Krist leafde foar de televyzje krigen?
A Dankert & Dankert
B Friesland Vaart
C HEA!
D Spegels

Lês ûndersteande ynformaasje foar it beantwurdzjen fan de fragen 14 en 15.

Dizze tekst kin yn trije parten ferdielt wurde:

- 1 de ynlieding
- 2 it part oer it meitsjen fan it programma HEA!
- 3 it part oer de persoan Janko Krist

- 1p **14** Mei hokker alinea begjint part 2?

- 1p **15** Mei hokker alinea begjint part 3?

- 1p **16** Watfoar byld komt út de tekst nei foaren fan de persoan Janko Krist as programmamakker?
- A in noch wat skrutene learling-programmamakker
 - B in programmamakker dy't graach mei oaren in programma makket
 - C in programmamakker dy't graach syn eigen gong giet
 - D in programmamakker dy't graach ûnder lieding fan oaren wurket

Tekst 2

- 1p **17** Hokker funksje hat alinea 1?
- A Der wurdt in anekdoate presintearde dy't past by it ûnderwerp.
 - B Der wurdt op foarhân in gearfetting fan de tekst presintearde.
 - C It ûnderwerp fan de tekst wurdt presintearde.
 - D It skriuwoeld fan de tekst wurdt presintearde.
- 1p **18** Hokker ferbân is der tusken alinea 1 en alinea 2?
- A foarwaardlik ferbân
 - B oanfoljend ferbân
 - C oarsaaklik ferbân
 - D tsjinstellend ferbân
- 1p **19** Wêrom hat Jetske Bilker Harry Potter oerset yn it Frysk?
- A Omdat Harry Potter ek yn oare lytse talen ferskynd is.
 - B Omdat it sa'n súksesfol boek is.
 - C Omdat sy der foar frege waard.
 - D Omdat sy it sa'n moai boek fûn.
- 2p **20** "Komst ris ... dyn eigen." (r. 20-22)
→ Neam de beide ferskillen dy't Jetske Bilker tsjinkaam by har oersetting.
- 1p **21** Hokker ferbân is der tusken alinea 3 en alinea 4?
- A oarsaaklik ferbân
 - B opsomjend ferbân
 - C tsjinstellend ferbân
 - D útlizzend ferbân
- 1p **22** Wêr moat in oersetter neffens Jetske Bilker yn syn wurk goed rekken mei hâlde? (sjoch alinea 4)
- A Dat bern te min geef Frysk hearre.
 - B Dat in oersetting minder sfear hat as it orizjineel.
 - C Dat in protte Fryske útdrukkings stadichoan út de taal ferdwine.
 - D Dat it lykwicht tusken geef Frysk en jongereinfrysk net sa maklik te finen is.
- 2p **23** Tusken de earste en de twadde sin fan alinea 5 stiet as lêsteken in punt.
→ Hokker lêsteken hie de skriuwer fan dizze tekst hjir ek brûke kinnen?
Lis it antwurd út. Brûk net mear as 15 wurden.

- 2p **24** Yn de earste rigel fan alinea 5 seit Jetske Bilker dat se net safolle hat mei fantasyliteratuer.
→ Bliuwt se by dy útspraak yn it ferfolch fan alinea 5?
Lis it antwurd út. Brûk net mear as 15 wurden.
- 1p **25** Yn alinea 6 hopet Jetske Bilker dat Harry Potter yn it Frysk troch jonge lêzers eigener fûn wurde sil.
→ Wat sil dy groep lêzers wierskynlik net "eigen" fine? (sjoch alinea 4)
- 1p **26** Hokker argumint brûkt Jetske Bilker yn alinea 6 foar de útjefte fan de Fryske Harry Potter?
A Der binne ek fertalings ferskynd yn oare (lytse) talen.
B Der binne net in protte Fryske boeken útjûn foar de jeugd fan Fryslân.
C Der komme in protte positive réaksjes oer de Fryske útjefte op de Harry Potter-site.
D Der sille in protte lêzers wêze dy't in Fryske Harry Potter eigener fine.
- 1p **27** Wat is it wichtichste skriuwoel fan dizze tekst?
A It is foaral in ferdivedearjende tekst mei foarbylden fan teksten út it Fryske Harry Potterboek.
B It is foaral in ynformearjende tekst oer it ta stân kommen fan it Frysk Harry Potterboek.
C It is foaral in oertsjûgjende tekst oer de winsklikens fan de útjefte fan in Frysk Harry Potterboek.
D It is foaral in oantrunende tekst om safolle mooglik Fryske Harry Potterboeken te ferkeapjen.

Tekst 3

- 1p **28** Watfoar soarte fan tekst is dit?
A in ferslach
B in folder
C in ynstjoerd stik
D in resinsje
- 1p **29** Hokker kopke past it bêste boppe alinea 2?
A Diel ien
B Ferantwurdig
C Oersetting
D Wiebe Buddingh'
- 1p **30** Hokker ferbân is der tusken de lêste sin fan alinea 4 (r. 53-57) en it foarôfgeande part fan dy alinea?
A Yn de lêste sin steane foarbylden by de ynhâld fan it foarôfgeande part.
B Yn de lêste sin steane gefolgen fan de ynhâld fan it foarôfgeande part.
C Yn de lêste sin stean konklúzjes by de ynhâld fan it foarôfgeande part.
D Yn de lêste sin steane oarsaken foar de ynhâld fan it foarôfgeande part.

- 1p **31** Wat fynt Jant van der Weg fan Mûzema as Fryske namme foar Harry syn famylje (r. 66)?
Motivearje it antwurd. Brûk dêrfoar net mear as 20 wurden.
- 1p **32** Wêrom hallet Jant van der Weg yn dizze tekst hyltyd de Nederlânsktalige oersetting oan?
A Omdat de Nederlânske oersetting sa goed skreaun is en wurdearre wurdt.
B Omdat Fryske bern dy oersetting faak ek al lêzen ha.
C Omdat sy de kwaliteit fan de Fryske oersetting mei de Nederlânske fergelykje wol.
D Omdat sy it frjemd fynt dat Bilker dy oersetting ek brûkt hat.
- 1p **33** Hokker konklúzje past it bêste by de tekst?
A Van der Weg fynt de Fryske oersetting better as de Nederlânske.
B Van der Weg fynt de Fryske oersetting wol better, mar de Nederlânske hat ek syn pluspunten.
C Van der Weg fynt de Nederlânske oersetting better as de Fryske.
D Van der Weg fynt de Nederlânske oersetting wol better, mar de Fryske hat ek syn pluspunten.
- 1p **34** Hokker bewearing oer de tekst fan Jant van der Weg is wier?
A De tekst giet foaral oer de betsjutting fan de Harry Potter boeken.
B De tekst giet foaral oer it ferhaal yn Jetske Bilker har oersetting.
C De tekst giet foaral oer de taal yn Jetske Bilker har oersetting.
D De tekst giet foaral oer de wearde fan de oersetting foar jonge Fryske lêzers.
- 1p **35** “No mar hoopje dat de oplage gau útferkocht is, ...” (alinea 7).
→ Yn hokker alinea spilet de ferkeap fan Harry Potter-boeken ek in rol?
- De folgjende fragen geane oer de teksten 2 en 3.*
- 1p **36** Yn tekst 2 (alinea 4) giet Jetske Bilker yn op it lykwicht tusken geef Frysk en gongber Frysk.
→ Yn hokker alinea fan tekst 3 behannelet Jant van der Weg datselde aspekt?
- 1p **37** Wêr wurde beide teksten mei ôfsluten?
A Mei in konklúzje
B Mei in oprop
C Mei in warskôging
D Mei in winsk
- 1p **38** Jant van der Weg hat kriticalyk op it brûken fan wurden as ‘says’ (sjoch tekst 3, r. 41).
→ Yn hokker alinea fan tekst 2 stiet in mooglik antwurd fan Jetske Bilker op dy kriticalyk?

Tekst 4

- 1p **39** "It moat net mâlder wurde." (r. 1)
Wêr fernuveret de skriuwer fan dit artikel him oer?
A Oer it feit dat der in Frysktalige rap op de top fan de lanlike hitlisten stiet.
B Oer it feit dat in Fryske rap oanslacht yn Limburch en Seelân
C Oer it sukses fan Eminem.
D Oer it sukses fan 'knuffelmarokkaan' Ali B.
- 1p **40** De hit "Wachtsje op foarútgong" is in protestsong.
Wêr wurdt tsjin protesteard?
A Tsjin ferskillende ûntwikkelingen dy't yn Drachten spylje.
B Tsjin gearwurking fan trije muzykynstituten yn Drachten.
C Tsjin it Drachtsterfeartprojekt.
D Tsjin trage beslútfoarming fan it gemeentebestjoer.
- 1p **41** Wat foeget de fideoklip ta oan 'e dokumintêre?
- 1p **42** "Beand Baas en Smarige Skep waarden belle om de muzyk te fersoargjen."
(r. 61-63)
Troch wa waarden se belle?
A Troch de gemeente Smellingerlân en De Lawei
B Troch De Lawei en De Meldij
C Troch De Lawei, Iduna en De Meldij
D Troch De Meldij, The Box en Iduna
- 1p **43** Wêrom stjoerden Visser en Jansma de fideoklip nei The Box?
- 1p **44** De fideoklip wie in grutte stimulâns foar de karriêre fan Beand Baas en Smarige Skep. (alineea 4)
→ Sitearje in sin dêr't dat út bliken docht.
- 1p **45** De fideoklip wie in grutte stimulâns foar de karriêre fan Beand Baas en Smarige Skep. (alineea 4)
Wa of wat is ek stimulearre troch de fideoklip? (alineea 5)
A De beslútfoarming yn Smellingerlân
B De muzyk fan Rowwen Hêze
C De rapmuzyk yn Fryslân
D It brûken fan it Frysk
- 1p **46** It duo lit him de holle net oerstjoer bringe troch it sukses.
→ Sitearje in sin út alineea 4, dêr't dat út bliken docht.
- 2p **47** Wat is it doel fan de fergelyking fan de raps fan Beand Baas en Smarige Skep mei de lieten fan Rowwen Hêze?

- 1p **48** Wêrom binne Beand Baas en smarige Skep begûn mei it rappen yn it Frysk?
- A Omdat se fêst hâlde woene oan har eigen styl.
 - B Omdat se tochten dat it wol sukses ha soe.
 - C Omdat se de posysje fan it Frysk fersterkje woene.
 - D Omdat se dat wol grappich fûnen.
- 1p **49** Op hokker alinea slút Eelke Wiegersma oan mei it sinpart “blanke rappers, from the streets of Drachten”?